

Wolkom by Tsjil Tsjekt!

Wat moai dat jim meidwaan sille!

Tsjil Tsjekt is in ynteraktyf programma. Yn it programma stelt presintator Raynaud Ritsma fragen oan de klasse, en jim jouwe antwurd yn de digitale omjouwing fan Tsjil Tsjekt. Mei de antwurden kinne jim punten skoare.

Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'



Praktyske saken foar elke Tsjil Tsjekt

Dizze Tsjil Tsjekt giet oer 'Dyn speurnoas'.

It programma is te finen op www.tsjiltsjekt.nl en bestiet út twa dielen dy 't jim sels ynplanne kinne.

Dit hawwe jim nedich foar de fragen en opdrachten oer 'Dyn speurnoas' yn dizze Tsjil Tsjekt:

- De ynlochkoade foar de Tsjil Tsjekt-omjouwing: yn dy omjouwing sjogge jim nei it programma en kinne jim de antwurden ynfierje. Noch gjin ynlochkoade? Freegje dy oan fia de oanmeldknop op de website www.tsjiltsjekt.nl.
- In apparaat mei in ynternetferbining (in tablet, laptop, chromebook ensfh.). Meardere apparaten om tagelyk wat op te sykjen kin soms handich wêze.
- It tydskrift Tsjil. Binne jim abonnee fan Tsjil? Yn Tsjil fan maart-april stiet in tekst dy't jim nedich hawwe om it antwurd op ien fan de fragen te finen. Noch gjin abonnee? Brûk dan de pdf fan it tydskrift dy't te finen is op www.tsjiltsjekt.nl.
- Materialen om gau mei-inoar ta ien antwurd te kommen op in fraach: brûk bygelyks in 'wisbordje' om te stimmen oer de stelling of soargje dat alle learlingen in papierke hawwe om in antwurd op te skriuwen, sadat de antwurden sa gau mooglik sammele wurde kinne.

Om alfêst oer nei te tinken:

- De Tsjallenge fan dizze Tsjil Tsjekt is:
It ferneamdste âlde skoalfoarwerp fan Nederlân is miskien wol it lêsplankje 'aap noot mies'. Sykje in ôfbylding fan dit Nederlânske plankje en meitsje in Fryske ferzje. Set de wurden dy't dêr geskikt foar binne oer nei it Frysk en stjoer jimme Fryske Aap-Noot-Mies nei tsjil@omropfryslân.nl en fertsjinje 300 pompies!

Sukses en in soad wille mei Tsjil Tsjekt!



Mear dwaan mei dit tema?

Wolle jim nei oanlieding fan dizze Tsjil Tsjekt mear dwaan mei it tema?

Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen oer dit tema:

- Temateek: sjoch yn it tema ‘Tiden hawwe tiden’ foar teksten, filmkes, spultsjes, boeketips en mear losse materialen. Bygelyks oer opgravingen, de Twadde Wrâldoarloch, oer de skoalle fan froeger en foar in ferhaal oer in metaaldetektor.
- Taalaktiviteiten:
Yn de taalaktiviteit ‘Wat it it hjir moai!’ meitsje jim in rûte by moaie plakken yn jim omjouwing del. Is der ek wat te fertellen oer de skiednis fan jim omjouwing?
- Boeklessen
Yn de Boekles ‘Hero’ giet it oer it boek fan Martha Attema. Izaak giet fan Amsterdam nei in buorkerij yn Fryslân om dêr ûnder te dûken. Hy slút freonskip mei de Fryske hynst Hero.
Yn de Boekles ‘Bartele Bûse’ giet it oer it boek fan Berber van der Geest. Bartele fynt fanalles op ‘e dyk. Al syn fynsten hawwe in bysûnder ferhaal.
- Projekten:
Yn de projekten ‘Wêr boarten pake en beppe mei?’, ‘Wat stie der by pake en beppe op ‘e tafel?’, ‘By pake en beppe op skoalle’ en ‘Belibje it mei pake en beppe’ giet it oer de tiid fan pake en beppe.
- Fryske boeken by it tema:
‘It deiboek’ fan Janny van der Molen – As Niels yn in doarpke yn Fryslân komt te wenjen, ûntdekt er dat it doarp in bysûndere skiednis hat.
‘De trije klokketiers fan Koartsweagen’ (NL: ‘De drie klokketiers’) – Janny van der Molen – As Pier nachts op kamp klokken lieden heart, giet er mei syn freonen op ûndersyk út by it tsjerkhôf yn ‘e buert en ûntdekt in bysûnder stikje skiednis.

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer lêzen en dy thúsfiel ek nijsgjirrige nijtsjes, spultsjes en in strip!

Noch gjin Spoar 8 en/of Tsjil by jim op skoalle? Freegje de metoade en it tydskrift hjir FERGEES oan:

<https://taalplan.frl/oanmelde/>



Omrop Fryslân

